

Amelanner taalferoarings ûnder it fergrutglês

Siebren Dyk

Besprekartiikel nei oanlieding fan:

Mathilde Jansen, *Language Change on the Dutch Frisian Island of Ameland. Linguistic and sociolinguistic findings.* Utrecht (2010), LOT, 259 siden. ISBN 978-94-6093-016-4 (diss. Vrije Universiteit, Amsterdam), en **Mathilde Jansen, *Een echte Amelander spreekt dialect.*** Amsterdam (2010), Amsterdam University Press, 64 siden. ISBN 978 90 8964 203 5.

On the Frisian island of Ameland a dialect is spoken which is, in a certain sense, a mix of Dutch and Frisian. It is in this respect comparable to dialects spoken in the larger towns on the Frisian mainland. The Ameland dialect is the subject of Jansen (2010): a sociolinguistic study about dialect change and dialect loss focussing mainly on the levels of phonology and morphology. This review is critical of certain analyses of linguistic properties of the Ameland dialect presented in the book. The review also takes a critical stance towards an, at times, poor interpretation of previous findings in Frisian linguistics, and towards aspects of the categorization of the investigated variables. It is further argued that Jansen overestimates the role of Frisian, both with respect to its social position on the mainland and as a factor of influence on the Ameland dialect. As to the latter, inconsistencies in Jansen's account of this alleged influence are pointed out. Jansen overlooks the factor of linguistic distance. In the constellation of the mixed dialects there is no continuum with Frisian, and as a matter of fact, it can be argued that its speakers think they speak a variety that is closer to Dutch. In the case of this particular island dialect, linguistic distance might be as influential a factor as is geographical isolation.

Ynlieding

Op it waadeilân It Amelân wurdt in dialekt praat dat goed ferlykber is mei de tongslaggen fan 'e gruttere stêden yn Fryslân, It Hearrenfean, Kollum en net te ferjitten it Biltsk. It giet hjir hyltyd om taalfarianten dy't tusken it Ne-

derlânsk en it Frysk yn sitte. Oer it Amelânsk wie oant no ta net folle publisearre. It wichtichste wie Anton Oud syn *Woa'deboek fan ut Amelands* fan 1987. En no is der dan de op 'e VU ferdigene dissertaasje *Language Change on the Dutch Frisian Island of Ameland* fan 'e op Teksel berne Mathilde Jansen.

Wa't faaks tinke soe dat dit boek, yn it sok fan Van Bree en Versloot (2008), in bydrage is yn in aktuele diskusje oer de ûntsteansskiednis fan 'e Frysk-Hollânske mingdialekten, dy is mis. Op himsels soe dat oars noch wol ris wat wêze kinne. De stúdzje oer it ûntstean fan sokke dialekten hat him oant no ta bot konsintrearre op dy fan 'e stêden. Dy skille net folle fan inoar, mar it ridlik ôfwikende Amelânsk en Biltsk litte sjen dat in yn prinsipe selde proses dochs wol ta frij ferskillende útkomsten liede kin. Sa'n ferlykjend ûndersyk soe dan wis ek de dialekten fan It Hearrenfean, Kollumerlân en ek it Midslânsk op Skylge meinimme moatte. Wat binne tusken dy farianten krekt de ferskillen, en wêr binne dy troch ûntstien? Al troch dialektferskillen yn it Frysk dat oan 'e basis stie fan it oanbelangjende mingdialekt? Ferskillen yn 'e Nederlânske doeltaal? In oare tiid fan ûntstean? Ynterne feroarings yn 'e dialekten sels? Of dochs ek lettere ynfloed fan 'e omkriten? It is ek net wis oft sokke fragen allegearre wol te beantwurdzjen binne, mar yntrigearjend binne se sûnder mis.

Oan dy fragen allinne al is te sjen dat dy mingdialekten in nijsgjirrich fenomeen binne. Gjin niget dus dat der al moai wat artikels en boeken oan wijd binne. Jansen har boek is ek net de earste dissertaasje yn 'e rige. Klaas Fokkema syn proefskrift (1937) oer it Ljouwertersk is njonken it skiedkundige oandiel benammen wichtich fanwegen de (foar in part histoaryske) grammatika dy't der yn beskreaun wurdt. It as proefskrift bedoelde boek fan Koldijk (2004), oer it Biltsk, hat yn grutte halen wol wat deselde opset. Hiel oars is dêrfoaroer Jonkman (1993), dat in typysk taalsosjologyske stúdzje is oer de taalferhâldings yn Ljouwert. Neffens har foargongers slacht Jansen lykwols nije wegen yn. Har fak is de sosjolingwistyk. Sa't dat wurd al seit, giet it dêrby om taal en taalkunde, mar wol mei de metoaden en konsepten fan 'e sosjale wittenskippen. Likegoed rinne de dingen fansels altyd oant in hichte yninoar oer, en dêrom fernuveret it my wol in bytsje dat Jansen wol nei Fokkema, mar nearne nei Jonkman en Koldijk ferwiist. Ek net nei Van Bree & Versloot (2008), mar dat is begryplik omdat se op side 12 meidielt dat se literatuer fan nei 2007 net meinommen hat.

Ynhâld en opset

Al is dit boek gjin ûndersyk nei de histoarje fan it Amelânsk, likegoed kin it wol in histoarysk ûndersyk neamd wurde. It besiket nammentlik om sicht te krijen op prosessen fan dialektferoaring c.q. dialektferlies. Dat docht it troch trije generaasjes te ferlykjen: dy tusken 15 en 25 jier, de middengeneraasje (34-45) en de âlderen (55-65). Op It Amelân binne jo sa't it liket al jong âld. Jansen motivearret har boppegrins fan 65 meidat de fragelist foar âlderen bliken die te dreech te wêzen. Op himsels spitich. Troch de âlderein te kiezen tusken 75 en 85, hie se it sa regelje kinnen dat der tusken de skiften op syn minst 20 jier siet, en dat hie mooglik ta sprekender útkomsten laat. Fierders is der skifte op slachte, en op komôf, omdat der op it eilân dialektferskil is tusken east en west. Meiinoar makket dat, dat op in totaal fan 60 meidoggers eltse "sel" fiif ynformanten hat. Jansen giet der mei in ferwizing nei in hânboek sûnder diskusje fan út dat soks "often adequate" is, en dat dat tal dus genôch is. Dat men oer dy adekwatens soms dochs wol ris jins twifels ha kin, dêroer fierderop.

It boek befettet sân haadstikken, dêr't haadstik ien in yntroduksje fan is, en haadstik sân de konklúzjes jout. It frij koarte haadstik trije is nammers ek in foech ynlieding: it jout in oersjoch fan 'e skiednis, ierdrykskunde, ekonomy en demografy fan it eilân. It wurdt foarôf gien troch in haadstik dêr't de wichtichste literatuer op it mêd fan dialektferoaring yn behannele wurdt. Dêr wurde de ûndersykshyptezen ek út destillearre, al krijt men al it gefoel dat dat soms frijwat út 'e losse pols bart: de ferbining mei de literatuer is net al te twingend. Mar los dêrfan freegje ik my ôf wat it nut fan dit haadstik eins is. Fierderop yn it boek wurdt der kwealik of net nei weromferwiisd. As ynlieding yn it fakgebiet foldocht it ek net, liket my ta. Foar fakgenoaten sil it net nedich wêze, en foar net-ynwijde lju, dêr't ik mysels ek ta rekkenje, bart alles sa koart om 'e hoeke dat it eins by jin lâns giet.

De globale opset fan it ûndersyk is fierders sa dat haadstik fjouwer de opset fan it ûndersyk beskriuwt, en ek wat der allegearre ôffrege wurdt. Yn haadstik fiif wurde dan earst de sosjolingwistyske resultaten besprutsen, en yn haadstik 6 de taalkundige. Yn 'e praktyk blykt dy yndieling knap ûngelokkich, alteast foar immen dy't yn syn naïvens sa'n boek fan foaren nei efteren trochlêst. Benammen by it trochnimmen fan 'e resultaten fan dy taalkundige fariabelen binne jo al lang wer fergetten wêr't it eins om gie. Wat dêrta ek net helpt, is dat Jansen de oantsjittings fan 'e fariabelen feroare hat. Hjit bygelyks fariabele 9, de *r*-deleesje, yn haadstik fjouwer noch wol funk-

sjoneel “R-lessness”, yn haadstik seis is it ynienen HART. Yn dat wurd ha jo yndied *r*-deleesje, mar botte trochsichtich is dat sa net.

Oan ‘e ein fan it boek, fan side 173 oant en mei side 234, fine we mar leafst fiif taheakken. Dy mei in pear foarbylden fan spektrogrammen fan lûden nimt oars mar twa siden yn beslach. Fierders binne hjir opnaam de út-noegingsbrief foar ynformanten om mei te dwaan, de fragelist en de frekwinsjetabellen mei de wichtichste antwurden foar elk ôffrege wurd. Fierwei de wichtichste taheakke is foar my lykwols de earste: “*Linguistic characteristics of the Ameland dialect*”. Yn goed tweintich siden wurdt hjir in soarte fan miny-grammatika fan it Amelânsk oanbean. Fansels hie men guon nijsgjirrige saken graach fierder útdjippe hân, mar ferlike by wat der op dit mêd wie, alderkoartst oantsjuten yn ‘e ynlieding by it wurdboek fan Oud (1987), is dit al in geweldigen foarútgong. It oersjoch makket yn alle gefal foar de kenner ek al dúdlik dat der substansjele ferskillen binne mei de stedsfryske dialekten, net allinne fonologysk, mar ek morfologysk, bygelyks yn it systeem fan ‘e ferlytsingswurden en it tiidwurdsparadigma.

De taheakken wurde folge troch in bibliografy. Dat liket it neamen net wurdich, mar dat wurdt it wol as de lêzer yn dy list te faak referinsjes mist dy’t yn ‘e tekst wol makke binne. Sa socht ik dus om ‘e nocht nei Müller (1871) (nei referearre op side 12), Blom & Gumperz (1972) (s. 61), Cohen et al (1961) (s. 175), ANS (s. 186), Lange (1981) (s. 194), Hoeksema (1980) (s. 194), De Schutter (2000) (s. 194) en Heemskerk & Zonneveld (2000) (yn “abbreviations and styles”). Ik nim ek oan dat mei Hoekstra (1996) (s. 148) Hoekstra & Taanman (1996) bedoeld is? Of noch sa’nien: te sjen oan it referarre sidenûmer sil Jansen op side 85 mei Hinskens (1993) wol doele op ‘e dissertaasje fan har promotor, mar dy is wier fan 1992. Fierders is it spitich dat it boek gjin yndeks hat. Dat hie grif net allinne besprekkers fan it boek in soad tiid skild.

Op grûn fan ‘e rûge referinsjes sil it gjin nij dwaan dat der mear steurende lytse sloarderichheden en ûnkrektichheden yn it boek steane. Sa wurdt op side 2 útholden dat de dialekten op Skylge “mixed dialects” binne. Dat jildt lykwols allinnich foar it Midslânsk, sa’t op side 53 nammers al korrekt meidiel wurdt, mar fansels net foar it Aasters en Westers. Op side 51 wurdt útholden dat Friezen it Amelânsk as in Frysk dialekt sjen soene. De oanwizing foar dy stelling soe wêze dat Friezen, as se op it eilân komme, Frysk tsjin Amelanners prate. Dit liket my net in oertsjûgjend bewiis ta. Friezen prate op ‘e fêstewâl ek wol Frysk tsjin stedsjers en Biltkerts, en fansels ek wol tsjin lju dy’t ABN prate. Der binne no ienris minsken dy’t de opfetting ha

dat se it rjocht ha om oeral yn Fryslân Frysk prate te meien, en dêr ek nef-fens hannelje. Dat der ek oaren binne, sil ik oars net ûntkenne. Op side 57 wurdt ús fernijd dat de Fryske Akademy kursussen jout foar nijynkommelingen yn ‘e provinsje. Dêr sil de Afûk wol mei bedoeld wêze. Yn noat 24 op side 97 blykt Fryslân fan in provinsje ynienen feroare te wêzen yn in gemeente. Fonetyske transkripsjes fan Fryske wurden wurde soms ek flaters yn makke. Sa is de ferlytingsfoarm fan Ingelsk ‘cup’ op side 74 fansels [kopkə], en net [kɔpkə]. Yn ‘e selde tabel steane mear flaters. De diminutiven fan ‘pan’ en ‘man’ ha yn it Frysk no just wol wer in [ɔ]. En in lytse ‘meadow’ soe in *waikə* wêze, mar dy foarm sil yn ‘e tabel wol in rigel omheech skood wêze, want hy korrespondearret fansels wol mei in lytse ‘road’.

It mei miskien al wol dúdlik wêze, yn dit boek wurdt in soad teld. Omdat ik net trochleard haw op it mêd fan ‘e statistyk, sil hjir fierders gjin kommintaar levere wurde op alle manipulaasjes mei ANOVA, Tukey, post hoc analyzen, standertdeviasjes, Repeated Measures en folle net genôch. Likegoed hat men soms jins fragen wol. Lykas op side 145, by it besprek fan it ferskynsel dat *d* nei *n* somtiden net útsprutsen wurdt, mei dan soms rekking fan ‘e foargeande fokaal. “*One of these words (landverrader) was pronounced by most subjects with the Dutch variant, and therefore left out of the analysis*”. Sa’n Nederlânske útspraak heart dochs ek by de útkomsten, soe men sizze, en soe dochs eins krekt ûndersocht wurde moatte as jo dialektferoaring bestudearje wolle. Wat soartgelikens fine we op side 133, ek mei noch aardich wat mear wurden dy’t der sa út litten wurde. En in passazje as de neikommende op side 137 smyt dochs ek wol syn fraachtekens op: “*Whereas the older male speakers have very low scores, the younger male speakers have very high ones. The differences between these groups are not significant, however*”.

Kwa lêsbereens skoart it boek net hiel min, ek al is in kwalifikaasje “spannend” no ek wer net oan ‘e oarder. It langtriedderichst binne de passazjes dêr’t de statistyske resultaten yn besprutsen wurde. Dêr hat benammen haadstik 6 ûnder te lijen. It kin tidenwei sa mar wat trochjeuzelje; in foarbyld is dyselde side 137. En fan in passazje as dizze, fan side 128, kin men dus hiel wurch wurde: “*Western subjects used far more western variants than eastern subjects (an average of 60% among westerners against an average of 4% among easterners). Eastern subjects, on the other hand, used more eastern variants (an average of 96% among easterners against an average of 40% among westerners)*”. Al dy statistyk makket dat yn ‘e pre-

sintaasje de taalferskynsels wol ris wat ûndersnije, en dat is spitich. As de taal sels wat mear as útgongspunt nommen wie, mei de statistyk yn in mear tsjinjende rol, dan hie dat de presintaasje sprekender makke.

Lingwistysk

De taalferskynsels dêr't op ûndersocht wurdt, binne fonologysk en morfologysk fan aard. Dus net syntaktysk, ek al komt de tiidwurdfolchoarder yn paragraaf 6.11 noch al even sydlings te praat. Dêr docht dan ek bliken dat de eigen Amelanner folchoarder (dy't gelyk is oan 'e Fryske) dramatysk efter-útbuorket. Jansen ûndersiket ek gjin leksikale eigenskippen, want dat ûndersyk soe neffens har sizzen al yn Jansen (2001) dien wêze. Dat mei dan sa wêze, mar dat ûndersyk sels, yn alle gefal de wjerslach fan inkeld ien side dêrfan, is dan al wat meager. Der komt út dat de kennis fan 'e dialekteigen wurdskat, sawol aktyf as passyf, aardich tebekrint, al giet soks op It Amelân dan ek lang sa hurd net as op Teksel. Mar hokker wurden oft neifrege wurden binne, wurdt men dêr net gewaar. It is dêrom spitich dat de syntaksis en it leksikon yn dizze stúdzje net meinommen binne, benammen omdat der wol hyltyd útspraken dien wurde oer *de* kennis en behearsking fan it Amelânsk. Dy beheint him binnen it ramt fan dit boek dus inkeld ta de fonology en morfology.

Likegoed bliuwt in ôfgrinzing lestich. Jansen hat as ien fan har fonologyske fariabelen "D-lessness", wat slacht op it ûntbrekken fan in einichste *d* nei in *n* yn wurden as *lân* en *hoan*. Yn it Frysk is dat weifallen fan dy *d* it gefolch fan in histoarysk proses dat al yn it Aldfrysk ynsette. De fraach is no fansels, yn hoefier oft dit foar hjoeddeiske Friezen en Amelanners fonologysk noch in rol spilet. Dy *d* komt net oan it oerflak, dat der is gjin syn-groane deleesjeregel. Mooglik dat der praat wurde kin fan in fonotaktyske restriksje, mar yn hoefier oft dy produktyf is, is mar tige de fraach. Ik tink dat de útspraak fan in lienwurd as *bidstond* earder [bItstont] is as [bItston], en de niisneamde Nederlânske útspraak fan *landverrader* is fansels ek sprekend. Mei oare wurden, heart it ûntbrekken fan dy *d* foar de taalbrûker net domwei ta de eigenskippen fan it ôfsûnderlike wurd, en soe it ferskynsel dêrmei net earder ta it domein fan it leksikon hearre?

Hoe dan ek, yn it ûndersyk binne 12 fragen oer taalferskynsels meinommen, neffens Jansen har opset kreas lykop ferparte oer de beide mêden fonology en morfology. Dêrbinnen is wer in trijedieling oanhouden, mei (A) fariabelen dy't typysk binne foar in part fan it eilân, dat wol sizze west foar

east oer. In twadde skift (B) sitte fariabelen yn dy't apart binne foar it Amelânsk as gehiel, mar dus ôfwikend fan 'e bûtenwrâld, en skift (C) wurdt foarme troch fariabelen dy't ek yn 'e gruttere regio foarkomme, mar net yn it standert-Nederlânsk. Dy gruttere regio slacht yn it foarste plak op it Frysk. It wurdt meiinoar sa groepearre dat der hyltyd twa fariabelen binne dy't yn ien "hokje" passe, bygelyks twa morfologyske fariabelen dy't typysk binne foar in part fan it eilân. Mar dêr gie it ek fuortdaliks al mis. Jansen ûnderstelde op basis fan it wurdboek dat der yn it westen in aparte foarm /ə/ foar de klitik fan 'e tredde persoan manlik iental bestean soe, mar dy blik by de ynformanten net bekend te wêzen. Se nimt op side 78 oan - yndied "plausible" tinkt my - dat dy foarm korrespondearret mei de Fryske klitik *er*. De reden dy't se opjout dat dy einichste *r* dan yn it Amelânsk weifalt, liket dêrfoaroer wer minder plausibel. Neffens Jansen ha we hjir in gefal fan *r*-deleesje foar in dintaal. Allinnich, net alle wurden begjinne mei in dintaal, dat dit liket wat in wiffe ferklearringsgrûn. Boppedat komt dy *r*-deleesje wol foar yn gearsettings, mar net sa lyk tusken losse wurden.

Hypteze IIa (s. 26) wol ha, de A-fariabelen, dus de ferskynsels op doarpsnivo, soene it swakste stean, en dêrom de measte kâns ha om te ferdwinen. Neffens Jansen (s. 155) komt dat yndie út, en winliken wurdt dy konklúzje allinne mar fersterke omdat fariabele 6, korrespondearjend mei it Nederlânske staveringssteken <ei>, ek serius ferlies sjen lit, en dy is, sa't hjirûnder bepraat wurde sil, nei myn idee net in B-fariabele, mar ek ien yn 'e kategory A. Hypteze IIb foarseit dat der troch de eilânsitewaasje gjin konverginsje mei oare regionale dialekten wêze sil. Dat liket ek út te kommen. De konkludearjende formulearrings op side 26 ("It is therefore impossible for the Ameland dialect to turn into a regiolect") en de ferlykbere op side 156 ("the development of a regiolect is not expected in an island situation") is dêrfoaroer ûngelokkich. It is wier, it Amelânsk sil net lykskeakelje mei dialekten op 'e fêstewâl. Mar krekt it ferlies fan de doarpsseigen, respektiflik westlike en eastlike, skaaimerken, wylst de mienskiplike skaaimerken krekt aardich stabyl binne, bewurkmasteret dat it algemiene Amelânsk in promininter plak op it eilân ynnimme sil. Mei oare wurden, it Amelânsk sels wurdt hyltyd mear in regiolect, op kosten fan it westlike en it eastlike Amelânsk.

By it útsykjen fan 'e fonologyske fariabelen makket Jansen it harsels oars net sa maklik, meidat se foar in ôf te freegjen lûd it Aldgermaanske stadium as útgongspunt nimt. Dat is fan dy gefolgen dat se der mei komt te sitten dat der foar ferskillende fonologyske omkriten ferskillende lûden jilde. Wêrom

oft der sa fier yn 'e skiednis tebekgien wurde moat om yn wêzen allinne mar it ferskil tusken dy trije generaasjes no libjende Amelanners op it spoar te kommen, is my net dúdlik. Wat soartgelikens jildt foar har besprek fan alle-gearre bysûnderheden yn 'e histoaryske lûdleare fan it Frysk. Wat hawwe dy mei it notiidske Amelânsk te krijen? Boppedat ynterpretearret Jansen de yn-formaasje soms ek ferkeard. It is dus net sa dat in /i(:)/ oan 'e ein fan in syl-labe altyd diftongearret (side 72). Yn it Frysk is it ek gewoan *tiid - tiden*, en net **tijden*. Nuver is ek dat se soms neat docht mei de ynformaasje út it Frysk wei. Ut Visser (1997) is se gewaar wurden dat dêr oan it wurdein de (ûnderlizzende) konsonantkloft *-nd* eins net foarkomt, wylst *-nt* hiel gewoan is. Likegoed wurdt dy lêste wol yn 'e fragelist meinaam, en dan komt dêr yndied út dat op it Amelân in kont gewoan ek in *kont* is, yn west en east, by manlju en by froulju, en yn alle generaasjes.

Apart is yn dit ferbân ek wat se docht mei de (morfologyske) fariabele 8, dy't te krijen hat mei tiidwurdútgingen, yn dit gefal de doetiid meartal. Dy, Jansen konstatearret dat mei rjocht en reden, is yn it Amelânsk opmerklik omdat er gjin einichste *-n* hat. It is dus *ik woände*, mar ek *wij woände*. Dat ûntbrekken fan dy *-n* jildt foar alle tiidwurdsorten. Likegoed wol Jansen dit apart kontrolearje foar de sterke tiidwurden (side 84). Se docht dat op grûn fan 'e meartallige doetiden fan 'e Skiermûntseager tiidwurden *hawwe*, *kinne*, *sille*, *wazze* en *wille*. Foarst, oars as dat Jansen suggerearret, ha dy tiidwurden yn it Frysk fansels ek wol in doetiid op in schwa: njonken *hienen* komt ek *hiene* foar. Oard, dit binne allegearre ûnregelmjittige tiidwurden, mar dat wol noch net sizze dat oare ûnregelmjittige tiidwurden yn it Skiermûntseagersk har ek sa hâlde en drage. De gewoane sterke tiidwurden yn dat dialekt nimme yn 'e doetiid meartal gewoan *-en*, krekt as yn it Frysk. Mar ek al wie dat yn it Skiermûntseagersk al oars, wêrom makket Jansen yn har ûndersyk dan in ûnderskie tusken sterke en swakke tiidwurden? Nimt se oan dat it Skiermûntseagersk it Amelânsk hjir beynfloedzje kin? Dat is dochs in folslein ûnrealistysk idee? Dêrfoaroer wie se yn in foarûndersyk wol tsjinkaam dat ynformanten in sin makken as *de kienes speuldn elke week buutn*, mei in ûnferwachtse *-n* yn *speuldn*. Der liket hjir dus dochs farijasje binnen it Amelânsk te bestean? Komt dat omdat it folgjende wurd mei in fokaal begjint, en – ik suggerearje mar wat – liket it Amelânsk hjir oant in hichte op it Nederlânsk, dat yn sprektaal foar *hoopte hij* ek de sekwinsje *hoopte-n-ie* hat? Sa'n nijsgjirrige kwestje docht se dan nuver genôch wer neat mei.

In foarbyld fan in lûd dêr't east en west by útinoar rinne kinne, is datselde dat korrespondearret mei de Nederlânske lange *ij*. De ferskillen binne oars mar betreklik, want se hingje ôf fan 'e fonologyske omkrite. Oan 'e ein fan in wurd hat it hiele eilân de diftongyske útspraak [ɛi] (*bij, frij*), en foar stimleaze konsonanten is der algemien in koarte [i] (*biete, riek*). Foar (ûnderlizzende) stimhawwende bylûden oppenearret him wol in ferskil. West hat dan in lange [i:], en east in lange [ɛ:], bygelyks *tiid* foar *tèèd* oer. Dy lange [ɛ:] liket oars allinne mar foar *-d* foar te kommen. Foar frikativen ha we [i:], [i] en [ɛi]. Der binne fjouwer ôffrege wurden op in frikatyf dy't by de âldere generaasje oer it hiele eilân konsekwent [i:] hawwe. Se komme oerien mei Nederlânsk *vijg, prijzig, zwiig* en *stijven*. As ik Jansen goed begryp, hâlde it twadde en fjirde wurd har lange [i:]. By de middelste generaasje feroaret de [i:] yn in koarte [i] by *zwiig*; de jongste generaasje hat by dat wurd [ɛi]. By *vijg* hat de middelste generaasje ek al in [ɛi], en de jongste allyksa. Jansen jout dêr in ferklearring foar dy't neffens my net doocht. It Nederlânske wurd *vijg* wurdt yn it wurdboek fan Oud (1987) stavere as *fiich*. Op side XV fan dat wurdboek wurdt se gewaar dat it stavingsteken <ch> oan 'e ein fan in wurd stimhawwend útsprutsen wurde kin, en se nimt oan dat dat yn *fiich* ek it gefal is. Op 'e selde side fan dat wurdboek wurdt yndied útholden dat nei lange lûden obstruïnten yn it Amelânsk "nog dikwijls" stimhawwend binne. Hoe libben oft dat no noch is, is oars mar tige de fraach. Spitigernôch hat Jansen dêr sels hielendal gjin ûndersyk nei dien, hoewol't it dus yn potinsje in aardige fariabele opsmite kind hie, ek al omdat it Nederlânsk en it Frysk wol op alle fronten einûntstimming hawwe. Myn ynformanten op it eilân joegen oars oan dat dy stimhawwendheid langer ta it ferline heart. Oud sels hat yn 'e kopij fan in noch te ferskinen folle wiidweidiger ferzje fan syn wurdboek it wurd *fiich* ek gewoan mei in [x] transkribearre, lykas ek yn ferlykbere wurden. Hawar, Jansen nimt no oan dat der in fonologyske regel is dy't freget om in lange [i:] foar in stimhawwende frikatyf. Se docht dat op grûn fan korrespondearjende Amelanner foarmen, mar se hie ek ferwize kind nei Visser (1997), dy't in oerienkommende generalisaasje jout foar it Frysk. As de middelste generaasje ophâldt om de einichste frikatyf noch stimhawwend út te sprekken, dan soe dy generalisaasje yn earste ynstânsje in ferklearring jaan kinne foar de ferkoarting fan 'e lange fokaal yn *zwiig*. Mar dan noch kin dy feroaring fan stim net de oergong nei de diftong ferklearje. Dêr sille we dochs wol Nederlânske ynfloed foar oannimme moatte. En foar de ferkoarting sels kin men by Jansen har ferklearring ek wol in fraachteken sette. Hy soe nammentlik ymplisearje dat der in lang-koart-

alternânsje bestean soe by stammen dy't net c.q. al te krijen ha mei einûntstimming. Yn it Frysk bestiet dy lingtealternânsje net, en by myn witten yn it Amelânsk ek net. Jansen jout dy ferkoarting ek allinne mar foar it wurd *zwijg*. Soe dat mooglik te krijen ha mei de ymperatyffoarm? It tiidwurd *swige* [svi:ɣə] sels hat gewoan in lang lûd. Yn it Frysk “ferkoartsje” ymperativen ek wol ris, bygelyks *wacht!* njonken *wachtsje!*, dat regulier is. Hoe dan ek, dy lingtegeneralisaasje by frikativen operearret op ûnderlizzende foarmen: foar in oerflakkich ferskynsel as einûntstimming liket er ûngefoelich.

By fariabele nûmer 2, dy't oerienkomt mei it Nederlânske staveringsteken <ou>, giet Jansen út fan in ûnderskied tusken east en west; it op It Amelân gongbere sjibbolet is in oersetting fan “âld hout op souder”. Dat ferskil yn útspraak, yn ‘e stavering werjûn as *oä* vs. *òò*, bestiet ek wol, mar neffens myn pleatslike ynformante is it wol sa dat Ballum hjir mei de eastlike fariant *òò* meigiet. Dat soe it gruttere oanpart fan ‘e eastlike fariant yn ‘e tabel mei resultaten op ‘e siden 218-220 ek ferklearje kinne. De resultaten foar dizze fariabele binne oars hjir en dêr ek nuveraardige hinne en wer by de resultaten foar slachte en âldens. Oft dêr de Ballumers de boel ek yn trewyn brocht hawwe, is út ‘e oanbeane gegevens lykwols net nei te gean.

Der is in ferlykber dialektysk ferskil by fariabele 6, sismar de pendant fan ‘e Nederlânske koarte <ei>. Jansen hat dat dialektferskil net opmurken, hoewol't it op side XIII fan Oud (1987) wol synjalearre wurdt. Op ‘en nij giet Ballum hjir ek wer mei yn de monoftongyske útspraak fan it easten. Winliken hie dizze fariabele dus net yn ‘e B-kategory pleatst wurde moatten, omdat de útspraak foar it hiele eilân no ienris net gelyk is. Jansen merkt op side 134 op dat de Standertnederlânske útspraak it meast yn it westen foarkomt. Dat soe wêze kinne, mar it is miskien ek net útsletten dat se de Hollumer útspraak, dy't sokssawat is as in [I] mei in [ɛ]-eftige neislach, net ergere hat.

Fariabele 5, sis mar de Nederlânske <ui>, is in hybride gefal. Jansen dielt him yn as B-fariabele. By guon wurden is der in realisaasje as yn ‘e fokaal fan it Frânske *l'heure*, en dêryn wykt it eilân yndied ôf fan it Frysk en it Standertnederlânsk. Lykwols, de measte Amelanner wurden ha foar dizze fariabele in [ü], as yn *huus*. Dat is ek oars as de [u:] fan it standertfryske *hûs*, mar Jansen ferliket net mei inkeld it standertfrysk, foar de C-fariabelen giet se út fan in begryp “gruttere regio”. Wel, benammen yn súdlik Fryslân is dy [ü]-útspraak ek hiel gewoan, en noch gewoaner is er yn ‘e oare mingdialekten. Side 79 lit sjen dat se dat sels ek wol wit, mar se jout der gjin bli-

ken fan dat se der it problematyske fan ynsjocht, en dat neffens har eigen kritearia in part fan dizze fariabele yn ‘e C-rubryk ûnderbrocht wurde moatten hie.

By fariabele 9, de *r*-deleesje, leit it eins krekt oarsom. Neffens Jansen is it proses, mei ferwizing nei wat yn noardeastlike dialekten fan it Nederlânsk bart, beheind ta “before dentals in accented syllables” (side 85). Mar dat liket yn it Amelânsk dochs wat breder te lizzen, alteast te sjen oan har foarbyld *kätir*, Nederlânsk ‘kwartier’. Te sjen oan ‘e schwa stiet de *r* dêr dúdlik yn in ûnbeklamme syllabe. *R*-deleesje wurdt troch har sjoen as in C-fariabele, dus as mienskiplik mei it gruttere (Fryske) gebiet. Dat is fansels ek wol sa, mar neffens wat wy yn it Frysk sjogge, rint It Amelân der dochs wol wat út, meidat der noch in restant fan ‘e *r* oerbliuwt yn ‘e foarm fan wat [j]-eftichs; oft dat dan in palatale útspraak fan ‘e foargeande fokaal is, of in retroflekse fan ‘e folgjende konsonant, sa’t Jansen úthâldt, dat litte we dan mar even gewurde. Op grûn fan dat skaaimerke soene jo dus earder in yndieling as B-fariabele ferwachtsje. Jansen hat it ferskynsel ek wol sjoen (“*Palatalisation is interesting but seems to be disappearing among the youngest generation*”, s. 86), mar se ûndersiket it fierders net. Miskien hie dat wol sa west at se dat wûnderlike *but* yn ‘e oanhelling ferfongen hie troch *because*? Se makket har der wat fan ôf troch te wizen op ‘e opkomst fan ‘e dorsale ynstee fan ‘e âldere apikale útspraak fan ‘e *r*. Dêrmei soe *r*-deleesje, as foech assimilaasje proses, überhaupt al ferfalle. No hie men dy opkomst fan ‘e dorsale útspraak op It Amelân fansels ek wol oantoand sjen wold, mar even ôfsjoen dêrfan, dan noch hie se har beheine kind ta dy ynformanten dy’t de âlde tongpunt-*r* al yn eare hâlde. Boppedat hat dy dorsale útspraak likefolle konsekwinsjes foar de palatalisaasje as foar de *r*-deleesje sels, en dêr skynt er foar Jansen ek net meispile te hawwen.

Yn Jansen har útkomsten nimt *r*-deleesje neffens de generaasjes ta meidat by gearsettings en ôfliedings ek oare folchkonsonanten as inkeld dintalen meidogge. Foar it Frysk wurdt dat ferskynsel troch Tiersma (1999, 29) “expanded *r*-deletion” neamd. Net terjochte, nei alle gedachten berêstend op in ferkeard begripen fan Tiersma syn grammatika, beflapt Jansen ûnder har “expanded *r*-deletion” ek lienwurden dêr’t yn it Frysk de *r* soms wol by útsprutsen wurdt, lykas yn *sport* en *modern*. Dêr ha we ommers noch altyd mei in dintaal te krijen. Ik freegje my oars wol ôf oft it troch Jansen jûne foarbyld mei in prefiks, te witten *fer-huze*, wol sa gelokkich is. De *r* stiet hjir foar in *h*, en dat is no krekt in kombinaasje dêr’t de *r* neffens Tiersma stân yn hâldt. It Amelânsk soe hjir dan ôfwike fan it Frysk. Hoe’t dat

fierders ek wêze mei, it liket der by dizze fariabele dus op dat it dialekt oan 'e winnende hân is. Dêr stiet lykwols foarop dat op West-Amelân by de gewoane *r*-deleesje in delgong te sjen is, en mooglik dus ek, dat de typyske Amelander palatale útspraak belies begjint te jaan.

Ien fan 'e nijsgjirrichste troch Jansen ûndersochte fariabelen is nûmer 7. It besprek dêrfan begjint (s. 82) lykwols beroerd: "*Where in Dutch the -heid 'ness' suffix is used, in Frisian we find the suffix -igheid. This variant also exists in Dutch, but with a different, mostly ironic, connotation (e.g. aardigheid 'niceness')*". De stavering yn it Frysk is fansels *-ichheid*, mar slimmer is dat Jansen mei har wize fan formulearjen suggerearret dat *-ichheid* yn it stee komt fan *-heid*, en dat *-heid* dus yn it Frysk net bestean soe, wat net wier is. Ik bin in bytsje bang dat hjir by fersin "Frisian" ynstee fan it Amelânsk stiet. Yn 'e alinea dêrnei jout se nammentlik it foarbyld *langsameghèed*, en dat is fansels gjin Frysk. Yn 'e passaazje wurdt foar it Nederlânsk dat iroanyske oars net oantoand, en der wurdt datoangeande ek net nei literatuer ferwiisd. De oersetting fan it foarbyld ('niceness') sil de lêzer dêr ek net fierder by helpe, haw ik soarch. It nuverste fan alles is noch wol dat dat Nederlânske foarbyld hielendal net fan tapassing is. It Nederlânsk hat gjin eigenskipswurd **aard*. It adjektyf *aardig* bestiet wol, mar dan is *aardigheid* gjin ôflieding mei it suffiks *-igheid*, mar mei *-heid*.

In bytsje rûch dus, mar dêr is it net mei dien. Dizze fariabele falt yn kategory B, is dêrmei typearjend foar it hiele Amelânsk, en hy is morfologysk. It aparte is dus, dat it Amelânsk ynstee fan *-heid* it efterheaksel *-egheid* hat of hawwe kin. Jo soene jo dus rjochtsje moatte op 'e al of net oanwêzigens fan dat elemint *-eg-*. Yn har útwurking op side 135 merkt Jansen lykwols op dat it part *-heid* ek fonetyske realisearrings hat dy't ôfwike fan 'e Standertnederlânske. Dat jildt foar it gefal dat it diel útmakket fan *-egheid*, mar ek as it as selsstannich suffiks *-heid* foarkomt. En dan begjint it gegriem, dat benammen komt omdat se fonologyske kritearia by in morfologysk ferskynsel meispylje lit. Se makket trije yndeksen. De earste is foar "*words which are both morphologically and phonologically distinct from Dutch*". De foarm *-egheid* falt dêrbûten, want dy wykt allinne mar morfologysk ôf. Dy foarm wurdt yn 'e twadde yndeks op ien bult smiten mei de fan 'e Nederlânske standert ôfwikende útspraken fan it suffiks *-heid*, neffens Jansen /hɛ:t/, /hit/ en /het/. Noch even ôfsjoen fan 'e fraach wat se fonetysk krekt bedoelt mei dy tredde foarm, it sicht op 'e aparticheid fan dat *-eg-*elemint is se dus kwyt, en dat wurdt yn 'e tredde yndeks, in optelsom fan 'e beide oare yndeksen, ek net mear goedmakke.

It docht oars bliken dat by dizze fariabele de wize fan ôffreegjen gâns ferskillende resultaten opsmyt. In oersettest jout net folle antwurden mei *-egheid*; dy komme benammen nei foaren yn in kontrasttest (“welke vorm heeft uw voorkeur?”) en in “completion test” (“maak zelfstandige naamwoorden. Voorbeeld: gek - gekheid”). Jansen nimt oan dat by de oersettest de Nederlânske ynfloed fan it orizjineel frij grut west hat, dat by dy oare beide testen de skealjen krekt de oare kant útslein is, en dat de wierheid dêrom wol yn ‘e midden lizze sil, alles sûnder bewiis. Dy wierheid formulearret se as “the every-day language situation” (s. 135). Hjir leit lykwols wol in fraach dy’t yn it boek net problematisearre wurdt. Want wat wurdt hjir winliken ûndersocht? De “every-day language situation” liket my typysk in beskriuwing yn termen fan it Chomskyaanske begryp *performance*. Mar freget se, bygelyks yn ‘e testen by dizze fariabele, no altiten nei it taalgebrûk, of (ek?) nei taalkennis? En hoe ferhâldt him soks dan krekt neffens de sintrale fraach nei taalferoaring en dialektferlies? Dat spilet konkreet al by dizze fariabele yn ferbân mei de relatyf lege respons by de âldste generaasje. “A possible explanation is the novelty of this variable. A large number of informants said they were unfamiliar with word formations like *kaalheid* (...). These are words which are not often used in daily life, and they are therefore associated with written Dutch”. Competence? Performance? Hoe dan ek, it tanimmen fan in foarm *-echheid* liket op it each tsjin ‘e trend fan dialektferlies yn te gean, mar kin yn in wat abstraktere sin likegoed skoan yn it patroan falle meidat it dialekt fanâlds ditsoarte nominalisaasjes net koe. Sa besjoen begjint it – nettsjinsteande de apartige foarm *-egheid* – dan dus dochs wer mear op it Nederlânsk te lykjen.

Dat by sosjolingwistysk ûndersyk in goede taalkundige analyse fan belang is, lit oars dizze selde fariabele sjen. Jansen liket der fan út te gean dat de foarm *-heid* winliken net yn it Amelânsk foarkomme soe, en dat de goede foarm *-egheid* wêze moatte soe. Mar is dat sa? As men op side 224-226 nei de tabel mei antwurden sjocht, docht bliken hokker grutte ferskillen it wurdt oft dêr yn sitte. Der wurde trije mooglikheden oanbean: “dialect”, “intermediate” en “Dutch”. By “dialect” sille we mar oannimme dat dêr yn alle gefallen dy *-eg*-foarmen by sitte. Lykwols, wis is dat dus net, en dat makket dat dy taheakke mar beheind brûkber is. Hoe dan ek, yn ‘e list falt op dat guon adjektiven wol besûndere leech foar “dialect” skoare. No kin in grut oanpart *-heid*-foarmingen op Nederlânske ynfloed wize, mar wis is dat fansels net: dat *-heid* kin likegoed autochtoan Amelânsk wêze, en *-egheid* soe dêrnjonken ûntstien wêze kinne. Der moat rekken mei holden wurde dat dêr

dan in semantyske oarsaak mei ûnder stykje kin. Dat soe miskien sitte kinne yn in ynherinte ambigüiteit fan *-heid* sels. Ofliedings mei dat suffiks kinne nammentlik in suvere eigenskip oantsjutte, mar ek in konkrete ynstansjaasje fan dy eigenskip (bygelyks *in aardichheid* is in blomke dat jo foar immen meinimme). De ôflieding wurdt yn dat gefal ek telber. No falt op dat foarmingen mei *-egheid* yndied faak sa ynterpretearre wurde kinne. *Benauwdeghèèd, gemiëneghèèd, stiekemeghèèd, rauweghèèd, dommeghèèd, ferfelendeghèèd* binne sa bygelyks hiel goed op te fetsjen, bygelyks as in konkrete hanneling dy't *gemiën, stiekem* ensfh. is.

Der spilet mooglik ek noch wat oars, en dat is dat by de beäntwurding fan 'e fragen *-egheid* ynterferearre hat mei *-eg* plus *-heid*. Guon wurden dy't yn 'e tabel leech skoare yn 'e rubryk "dialect" wolle nammentlik ek net maklik mei it efterheaksel *-ich*. Sa komt de ôflieding by bygelyks *ongelyk* neffens dy tabel mar twa kear foar, mar in foarm **ongelykig* heart ek wakkere apart. Dat sit him fansels yn 'e semantyk, dy't hjir net maklik gradearring of relativearring talit, dat wol in betsjuttingsaspekt is fan it suffiks *-ich*. Yn dizze kategory soene ek wolris wurden (Nederlânske foarmen) as *spontaan, beleefd, gezond, gehoorzaam, zinloos, onbekend* sitte kinne. In oare, en ek noch wol hiel plausibele, reden foar it bestean fan *-egheid* soe lizze kinne yn 'e klamferhâldings. Yn it Frysk is it ommers sa dat it efterheaksel *-heid* net sa goed wol nei beklamme wurdlidden, dan is der in foarkar foar *-ens* (Hoekstra 1990, 277), dat fansels in ûnbeklamme fokaal hat. In foarkar foar in ûnbeklamme fokaal nei in stam mei in einichst beklamme wurdlid kin yn it Frysk ek yn foarsjoen wurde troch *-ichheid*, en yn it Amelânsk troch *-egheid*. Neffens Jansen (side 83) is it Amelanner suffiks "not restricted to any linguistic context", en dus ek net ta in prosoadysken. Hoewol't se yn haadstik 4, side 83, noch oankundiget dat se it ferskynsel neigean sil op de parameters fan it einichste segmint fan 'e stam, mar ek op it tal syllaben, fine wy dêr yn 'e útwurking yn haadstik 6 niver genôch neat fan werom. Foarsafier't ik sjen kin, sit der yn it oersjoch fan 'e antwurden foar dizze fariabele (side 224-226) yndied gjin oanwizing foar in prosoadyske kondysjonearring. Alles meiinoar: it is prachtich dat Jansen in ferskynsel op it mêd fan 'e wurdfoarming fûn hat dat him yn it Amelânsk apart hâldt en draacht, mar krekt troch de semantyk dy't by wurdfoarming altyd om 'e hoeke kipet, mar ek troch ynterferinsje mei oare typen wurdfoarming, sitte dêr wol alle-gearre heakken en oezen oan.

Sosjaal

Omdat Jansen har dissertaasje in sosjolingwistyske stúdzje is, binne njonken talige ek sosjale en sosjaal-psychologyske aspekten ûndersocht. Sa wurdt frege nei taalfeardigens (ek nei dy yn it Dútsk!), taalgebrûk, taalattitude en idintiteitsbelibbing. Op side 7 wurdt oankundige dat de ynfloed fan ‘e Nederlânske én de Fryske standert ûndersocht wurde sil. Foar wa’t in bytsje op ‘e hichte is fan ‘e tastân op it eilân – de skoallen ha bygelyks al jierren frijstelling fan Frysk as fak – liket dat lêste wat in oerstallige ûndersyksfraach. It docht dan ek gjin nij dat út it ûndersyk komt dat de Amelanners net folle fan it Frysk hawwe moatte. Soks liket ek fier te gean, as wy it steatsje op side 95 leauwe meie. Dêr docht nammentlik bliken út dat de behearsking fan it Dútsk op alle fjouwer kommunikative mêden (praten, ferstean, skriuwen, lêzen) heger leit as de behearsking fan it Frysk. Dat is dus wol neffens it sizzen fan ‘e Amelanners sels; in toets om te sjen oft dit wier is, ûntbrekt spitigernôch, mar it seit fansels wol wat fan ‘e wjeraksel.

De Amelanners hawwe har eigen taal dêrfoaroer wakkere heech, en dat uteret him ek wer yn ‘e sifers oer behearsking en gebrûk. Neffens Jansen skoart it eilanners fan ‘e dialekten yn Nederlân dan ek sa’n bytsje it heechst op it mêd fan fitalens. Yn haadstik 3 besiket se dat te ferklearjen oan ‘e hân fan kritearia dy’t opsteld binne troch Giles, Bourhis & Taylor (1977). Net allinnich de status ûnder de sprekkers telt mei, de demografyske omstannichheden wurkje ek yn it foardiel fan it Amelânsk. Sa is it ymmigraasjesifer leech, en wurde, fansels fanwegen de minne ferbinings, houlikspartners benammen op it eilân sels fûn en binne der ek hast gjin forinzen. De yn potinsje geunstige faktor fan ‘e ynstitúsjonele stipe hat dêrfoaroer foar it dialekt net folle betsjutten.

Jansen liket har der wat oer te fernuverjen dat it Frysk, neffens har “*heavily supported institutionally*” (s. 161), dan likegoed kwa sprekertal leger skoart, mar it is mar de fraach oft dat wol sa apart is. Net allinne is it twifelich hoefolle oft dy ynstitúsjonele stipe foar it Frysk yn ‘e praktyk wier foarstelt, mar op ‘e fêstewâl sille de sifers foar ymmigraasje ek oars lizze. It eilân sels hat in frij platte sosjaal-ekonomyske struktuer. Folle funksjes dy’t in hegere oplieding freegje, binne der net, en de lytsskalige bedriuwichheid wurdt troch de Amelanners sels yn foarsjoen. Jansen hat der dan ek fan ôfsjoen om de yn ‘e sosjolingwistyk oars wenstige faktor fan ‘e sosjale klasse fan ‘e ynformanten mei te nimmen, domwei omdat soks op it eilân net sa relevant liket. Hast elk fertsjinnet it brea ommers yn ‘e toeristeyndustry. Op

Fryske skaal leit soks fansels allegearre oars. Dêr binne needsaaklikerwize folle mear hegere funksjes foarhannen, en foar sokke funksjes wurdt op 'e arbeidsmerk lanlik wurven. De faktor migraasje leit foar it Frysk dus folle ûngeunstiger. En dat is ek net fan hjoed op juster, sjoch Gorter en dy (1984). Der is, hoewol't Jansen dat sels net liket te sjen, boppedat noch in reden dat it Amelânsk der geunstich útrint. Har ferlikingsbasis is nammentlik net suver, omdat de dielnimmers oan har ûndersyk op it eilân berne wêze moasten.

Op side 3 wurdt noch in oare reden foar it hege dialektgebrûk jûn, te witten dat it lizze soe oan it lytse tal ynwenners. Yn 'e reden wêrom sprekt Jansen harsels oars wol wer tsjin, omdat se oannimt dat de lju yn in gruttere mienskip makliker yntegrearje. It Skiermûntseach is nammers ek fuortdaliks al in tsjinfoarbyld tsjin dy stelling. It hat mar in tredde fan it ynwennertal fan It Amelân, mar likegoed is it Skiermûntseagersk weromsakke nei net mear as 10% fan 'e befolking. Ik soe dêrom hjir in faktor suggerearje wolle dy't net troch Jansen besprutsen wurdt. Want soe it net essinsjeler wêze dat it Amelânsk in prinsypjeel oar karakter hat, en folle tichter by it Nederlânsk stiet? Dat makket dat de eilanner taal foar nijnykommelingen maklik te learen is, wylst soks op It Skiermûntseach hast net slagget, c.q. de lju begjinne der net iens oan. Dat soks meispylje kin, bewiist de sitewaasje op Skylge (mei tank oan myn ynformant Richard van der Veen). Dêr ha je yn it westen en easten in autochtoan Frysk dialekt, en yn 'e midden in mingdialekt. Fan dy trije dialekten liket it Meslânzers der yndied it bêste foar te stean. Dat komt mei omdat nijnykommelingen al gau it gefoel ha dat se dêr wol wat yn meiprate kinne. Dat wurdt ek wol wat befestige troch de meidieling fan Smit (1971, 25) dat it Meslânzers "in soarte fan lingua franca foar it hiele eilân" is. Mei oare wurden, yntegraasje is grif fan belang, mar it aard fan it dialekt soe dêrby wol ris in wichtiger faktor wêze kinne as it ynwennertal. Deselde faktor fan lingwistyske ôfstân sil dan ek meispylje op 'e fêstewâl yn ferbân mei de sifers foar it Frysk.

It karakter fan it Amelânsk, in mingdialekt dat benammen leksikaal ticht by it Nederlânsk stiet, hat Jansen oars soms ek te min each foar. Sa bringt se wol de mooglikheid nei foaren dat de eilanners beynfloede wurde troch it Frysk, mar in potinsjele beynfloeding troch it Stedsfrysk wurdt troch har net neamd. Dat Stedsfrysk wurdt, foarsafier't ik sjen kin pas op side 165, allinne mar nei foaren helle as faktor dy't beynfloeding troch it Frysk krekt opkeart, en dus net as selsstannige beynfloedingsfaktor. En dat wylst de eilanners wol foar boadskippen, sikehûs en ûnderwiis oriïntearre binne op Dokkum en Ljouwert, plakken mei in stedsfrysk dialekt. Benammen de tiid dat de jonge-

rein dêr nei skoalle giet, soe fan ynfloed wêze kinne. Omdat it ferskynsel betreklik opfallend en betsjuttingsfol is, soe ik stedske ynfloed net hielendal by foarrie útslute wolle by fariabele 12, ek al kin it hjir ek skoan om in ynterne ûntjouwing gean. De fariabele giet oer de klityske foarmen fan ‘e persoanlike foarnamwurden fan ‘e twadde persoan iental. Yn it Amelânsk sjogge we by de twadde persoan de opkomst fan *jou* njonken *dou*, dêr’t *jou* dan spesifyk nei famkes en froulju ferwiist. Datselde ferskynsel komt ek yn it Stedsk foar, yn alle gefal yn it Ljouwerterk (sjoch Van der Burg (1991) s.v. *jou*). Neffens Jansen giet it opheden sels sa fier dat it pronomen *jou* net allinne brûkt wurdt om nei froulike oansprutsen persoanen te ferwizen, mar giet it fan ‘e oansprutsen persoan op ‘e sprekker sels oer, en wurdt it dus wat langer wat mear brûkt troch froulike sprekkers. Dus ek, al is Jansen dêr net eksplisyt oer, om dêrmei manlike persoanen oan te sprekken? Winliken hie Jansen op dizze yntrigearjende data wol folle mear omtrompetsje kind. Underskied tusken man en frou is by de tredde persoan folslein gewoan, mar net by de twadde. Kloeke (1920) – “mij is uit geen ander dialect een soortgelijke ontwikkeling bekend” (s. 263) – neamt it foar in part fan Drinte, en yn it “naschrift” by datselde artikel ek foar in part fan Twinte. Opmerklik is yn dy Saksyske dialekten lykwols de distribúsje: it pronomen mei de inisjele *d-* (*doe*) is dêr krekt reservearre as oansprekfoarm foar famkes en froulju, wylst *dou* him yn ‘e Fryske mingtalen krekt op ‘e manlike helte fan it minskdom tebeklûkt.

Ofsjoen fan mooglik boppesteand foarbyld leau ik net sa bot oan ynfloed fan it Stedsfrysk, mar de troch Jansen ûnderstelde ynfloed fan it Frysk leau ik noch minder fan. Dy wurdt op it aljemint brocht by fariabele 8, dy’t de útgong *-e* of *-en* by guon tiidwurdsfoarmen ûndersiket. It meartal notiid freget neffens de regel, krekt as yn it Frysk, it suffiks *-e*. Mar dêr komme jo soms aparte ferskillen tsjin. De âldste froulju yn west skoare mar 56%. De like âlde westlike manlju ha hjir lykwols 80%, en de jongere westlike froulju sitte sels noch heger. De jongste westlike manlju dêrfoaroer komme ek net fierder as 56%. As jo dy manlju yn it westen neffens de generaasjes nei-geane, dan komme jo út op 80-92-56. In nuver patroan, mei wol hiele grutte ferskillen. Hjir hat men dus typysk sa’n gefal dat men de sellen fan mar fiif ynformanten leaver wol wat grutter sjoen hie. Dy ferskillen binne namste opfallender omdat it om in ferskynsel giet dêr’t de taalbrûkers har net hiel bewust fan wêze sille, en dêr’t dus ek net maklik bûtentalige ynfloeden op wurkje sille. Oarstalige nammers ek net, soe men sizze. Hoewol’t Jansen op side 64 seit dat it taalkundige part fan ‘e fragelist op ‘e bân opnommen is,

kin ik it dochts net neilitte om hiel foarsichtich te freegjen oft it Nederlânske wurdbyld of de Nederlânske staveringsregels hjir miskien dochts net meispile hawwe? It soe in mooglike ferklearring jaan kinne foar de wikseljende útkomsten by dizze fariabele.

Jansen hâldt it lykwols by it meartal doetiid op ynfloed fan it Frysk by de eastlike âldere froulju en de middelste generaasje manlju, dy't tsientallen persinten leger skoare as har slachtetsjinhingers. Sa't al opmurken is, de doetiid is yn it Amelânsk opmerklik omdat it meartal net apart oanjûn wurdt, dus *ik woände*, mar ek *wy woände*. De konklúzje op side 141 dat der by it wol útsprekken fan in einichste *-n* Fryske ynfloed is, liket my wat hastich lutsen. Kin dat überhaupt wol mei dit skaaimerke, en soks krekt dêr't oars fan Fryske ynfloed yn it Amelânsk eins nea wat te merkbiten is? En hoe kin it dan dat dy spesifike groepen ynienen sa fetber foar dy Fryske ynfloed binne? Jansen soe mei har ferklearring sterker stean as út it sosjolingwistyske part fan har fragelist bliken dwaan soe dat dy beide skiften der bygelyks út rinne soene yn in positivere hâlding foar it Frysk oer. Ik haw dêr yn haadstik fiif lykwols gjin oanwizing foar fine kind.

By it oannimmen fan Fryske ynfloed sprekt Jansen boppedat harsels tsjin. By dy tiidwurdsfoarms hjirboppe wurdt it Frysk noch oanroppen as positive beynfloeder, mar by twa oare fariabelen, dy korrespondearjend mei Nederlânsk <ui> en dy mei *-egheid*, soe it Frysk krekt negatyf wurke hawwe (side 167). Dêr soene *“negative attitudes (...) towards the Frisian language”* krekt *“an increase in the use of dialect variants”* bewurkmastere hawwe. Tsja, it is fansels ien fan beiden ... Boppedat is it by *-egheid* ek noch mar de fraach oft it Frysk hjir überhaupt wol negatyf wurkje kin: *-ichheid* komt yn it Frysk nammentlik mear foar as *-igheid* yn it Nederlânsk. By de tiidwurdsfoarms sels is der ek wat tsjinstridichs, sa liket it. It brûken fan 'e einichste *-n* by it gerundium sakket, en dat smyt Jansen no krekt wer op Nederlânske ynfloed, dêr't it by de meartallige doetiden noch om Fryske ynfloed gie. Dit ûnderwerp wurdt (side 141) nammers ôfsletten troch in mysterieuze meidieling, dy't spitigernôch hielendal net útwurke wurdt: *“On the other hand, we have to be careful to draw conclusions for this variable, since external factors might play a role; van de Velde & van Hout (2003) find a high rate of occurrence of -en if the word is in focus, which is often the case for gerunds”*. Wat is dat fokuseffekt krekt? Wêrom fine we it mear by gerundia? En is it sa dat de âldere generaasje mear fan dy fokusearre gerundia gebrûk makke? En wêrom nimt dat dan ôf? Allegearre fragen, mar se wurde

net beantwurde, en dêrom hie Jansen dy opmerking miskien better mar weilte kind.

Ofsjoen fan ‘e hjirboppe neamde gefallen skat Jansen de ynfloed fan it Frysk net heech yn, dêr’t se tinkt my dus yndied grut gelyk oan hat. De oarsaak fan dy lege ynfloed leit op it earste each ek yn ‘e reden: de isolearre lizzing fan it eilân, mei deis mar in pear, en dan ek noch bewurklike, boatferbinnings. In hypoteze fan harres is dan ek (s. 23), dat in dialekt op in eilân gjin (horizontale) “leveling” nei oare dialekten sjen lit, mar inkeld (fertikaal) nei de standerttaal. Jansen leit der dêrom ek nochal de klam op dat har stúdzje unyk is, omdat er de taalferhâldings yn in “post-isolated community” ûndersiket (side 159). Dat mei allegearre wier wêze, se sjocht nei myn betinken dêrby wol ien faktor oer de kop, en dat is jitrisk it aard fan it dialekt yn termen fan lingwistyske ôfstân. By oare stúdzjes nei regiolektfoarming is der altyd in sitewaasje fan in dialektkontinuüm. Mar soks bestiet hjir net. Tusken it Amelânsk en it Frysk gappet in gat. Dat is net allinne mentaal sa – sjoch al dy negative reaksjes op it Frysk fan Jansen har ynformanten – mar it is ek taalkundich sa. Dat gat hat der fansels ek altyd al west: dy mingdialekten binne ûntstien omdat de oergeande sprekkers gjin Frysk mear prate woene. Under ferwizing nei Van Bree syn stúdzjes: yn it ûnbewuste part fan ‘e taal binne dy mingdialekten miskien noch wol Frysk, mar krekt yn it bewuste part net. De sprekkers sille dan ek earder it gefoel ha dat se in dialekt fan it Nederlânsk prate, en net in dialekt fan it Frysk. As der fan beynfloeding praat wurde moat, dan komt dy yn taalkundige sin natuerlikwei fan it Nederlânsk. Dêr’t de geweldich grutte sosjale ynfloed fan de Nederlânske standerttaal fansels allinne mar op oanslút. In moaie test fan dizze stelling soe bygelyks it Biltsk wêze kinne. Dat is ek in mingtaal, mar It Bilt leit midden tusken Frysktalich plattelân yn. Likegoed is myn foarsizzing dus, dat it Biltsk folle mear troch it Nederlânsk beynfloede wurde sil as troch it oanbuorjende Frysk. Hoewol net op basis fan in yngeand ûndersyk, liket soks yndied befestige te wurden troch Koldijk (2004, 188-189). Mei oare wurden, yn it spesjale gefal fan in mingdialekt is in isolearre lizzing dus net de essinsjele faktor.

Der is noch in foarbyld fan in yn myn eagen swakke sosjolingwistyske ferklearring. By fariabele 2, dy’t sa’t we sjoen hawwe oerien kaam mei it Nederlânske staveringsteken <ou>, nimme de eastlike manlju fan ‘e middengeneraasje navenant frijwat de westlike útspraak oer. Jansen ferklearret dat (side 163) mei in ferwizing nei de ferneamde stúdzje fan Labov (1963) oer it Amerikaanske eilân Martha’s Vineyard, dêr’t de wize fan út-

spraak fan âldere fiskers troch oaren imitearre waard út wjeraksel tsjin toeristen. Op It Amelân soe no de útspraak fan de âldere westlike manlju ta noarm ferheft wêze. Krekt dy eastlike middenmanlju soene har dêr oan spegelje omdat it easten toeristysker is en de middengeneraasje it measte mei de toeristen wurket. Dat lêste is grif wier, mar is it sa dat de manlju dat hjoeddedei ek noch altyd mear dogge as de froulju? Jansen sels seit op side 168 al dat der op dat stik fan saken gjin ferskil is. Boppedat, dan soene dyselde eastlike manlju der yn dyselde sin ek by oare ferskynsels út kypje moatte, mar dêr docht Jansen gjin meidieling fan, en ik haw it sels yn ‘e tabellen ek net fine kind. Wol oarsom. By fariabele 7 (*-egheid*) skoare krekt de eastlike middenfroulju kwa dialektskaaimerken hast tsien kear sa heech as harren manlju. Mar dêr komt dizze ferklearringsgrûn hielendal net nei foaren. My tinkt dat jo dat omgean mei toeristen sa op himsels hielendal net brûke kinne as ferklearring. Dy yntinsive omgong kin yn prinsipe twa kanten út wurkje: of jo sette jo tsjin dy toeristen ôf, of jo wurde der troch beynfloede, dat lêste ûnder it biedwurd: dêr’t je mei omgeane, dêr wurde je troch besmet. Om hjir wat fan te sizzen binne dus neiere gegevens nedich. En dy wize net yn Jansen har foardiel. Op ‘e stelling yn har fragelist “*too many tourists visit the island*” waard oer it ginneraal negatyf antwurde, en, noch wichtiger, der wie wat dat oangiet ek gjin ferskil tusken de tolve ynformanteskiften fan it ûndersyk.

Ta beslút

It kin hast net oars of yn sa’n lang besprek krije de negative opmerkings bot de oerhân. Mar fansels is it yn it boek lang allegearre net mis. Wat yn sa’n soarte fan ûndersyk wol hiel moai nei foaren komt, is hoe’t in taal yn beweging is en feroaret. Men kin dan wol tinke dat dat op himsels dan wer net spektakulêr is, omdat alles dochs wol de kant fan ‘e Nederlânske standertaal út gean sil, dat de taal fan ‘e jongerein dus minder autintyk wêze sil as dy fan ‘e âlderen, en dat froulju wol gefoeliger foar feroaring wêze sille as manlju. Wis, sokke standertferwachtings komme hjir ek wer kreas út. Mar net alles past yn dat mal. Guon ferskynsels binne bygelyks opfallende stabyl. Noch sterker, krekt troch in ûndersyk as ditte komme jo der efter dat sa’n dialekt soms ferrassende eigen ûntjouwings trochmakket. Ik neam hjir it breder wurden fan *r*-deleesje en it tebekrinnen fan it foarheaksel *ge-* by adjektivyisk brûkte mulwurden. Dat lêste komt der op del dat dy no mear lykstrutsen wurde mei har ferbale tsjinhingers, mar it ymplisearret tagelyk

dat der yn it âldere Amelânsk sa't it liket in ferskil yn foarm wie tusken ferbaal en adjektivysk gebrûk (mooglik leit hjir in ferbân mei Fryske eigenskipswurden as *ûngetroud*, dy't ek in elemint *-ge-* sjen litte?). By fariabele 12, oer de twadde persoan iental, jout Jansen in plausibele ferklearring dat de opkomst fan *do* op kosten fan *dou* gjin Fryske ynfloed is, mar in lûdferoaring. En by dyselde fariabele haw ik de apartichheden mei it pronomen *jou* al mei eare neamd.

Al is der fan alles op oan te merken, ús kennis fan it Amelanner dialekt, en dan benammen de grammatikale kant dêrfan, is der mei dit boek alles meiinoar dochs flink op foarútgien. Sa'n sosjolingwistysk ûndersyk nei de oare mingdialekten bestie noch net. Nammers, yn dizze bridte ek net nei it Frysk sels. Al dy lju dy't no op slach nei Jansen har dissertaasje gripe en dan miskien teloarsteld wurde troch min tagonklike statistiken en in hjir en dêr beheinde lêsbereens, dy woe ik oanriede om dan earst ris de ek troch Jansen skreaune nijjiersjefte (2010) fan it Meertens Instituut yn te sjen. Dat *Een echte Amelander spreekt dialect* is in prachtich boekje. Wis, krekt as by de dissertaasje kin men hjir en dêr al lêzendewei ek wer fraachtekens yn 'e marzje sette. Sa liket my it oantal yn 'e útspraak "tussen Hollum en Ballum liggen nog zo'n honderd boerderijen" (s. 22) wat oan 'e hege kant, en by it sizzen "het dorpje Ballum ligt ongeveer in het midden van het eiland" (s. 23) is de betsjutting fan it wurd "ongeveer" wol wat fier oprutsen, of it begryp "eiland" is wat wonderlik opfette. Taalkundich binne der ek wol kanttekens by te setten. Sa is *stou* as persoanlik foarnamwurd ûngelokkich, omdat dat inkeld de klitik is fan *dou*, en dy foarm neamt se wer net. Dat it Amelânsk "langzaam" feroare fan in Frysk yn in Hollânsk-Frysk mingdialekt (s. 13), liket my net yn oerienstimming mei de ideeën fan Van Bree, dy't der ommers fan útgiet dat de taalbrûker by dy mingdialekten oergiet op in oare taal, en dêr geane net ieuwen oerhinne. En dat in Grinslanner en in Fries allinnich mar in pear dialektskaaimerken weilitte hoege om meiinoar prate te kinnen, en dat der dan "Nederlands met een paar noordelijke kenmerken" oerbliuwt (s. 37), dat soe ik yn 'e praktyk ek noch wol ris sjen wolle.

Mar faaks moatte jo yn in boekje foar it grutte publyk net al te krekt sjen wolle. En foar dat publyk is it in tige slagge útjefte. Net allinne jout Jansen yn grutte halen de wichtichste resultaten fan har ûndersyk, mar se lit ek sjen hoe't jo ta dy resultaten komme. Dêrta heart dus in langer duorjend ferbliuw yn in caravan op in fierders al hast ferlitten camping, jin ferpleatse troch waar en wyn op in hierfyts, en it drinken fan sleatten kofje by ynformanten.

Jansen skriuwt meinimmend, ik soe hast wol sizze leafdefol, oer it eilân, syn bewenners en besikers, en syn taal. It boekje lêst werklik as de sprek-wurdlike trein, en ik soe my goed yntinke kinne dat it by de lêzer ek wier belangstelling opropt foar dat nijsgjirrige dialekt op dat Waadeilân. Yn myn eagen nijsgjirrich omdat mingdialekten op harsels al apartige fenomenen binne. Nijsgjirrich omdat it Amelânsk hjir en dêr aardich ferskilt fan de oare mingdialekten. En net op it lêste plak nijsgjirrich, om net te sizzen yntri-gearjend, omdat der op sa'n lyts gebiet binnen deselde taal safolle dialekt-ferskillen foarkomme.

Dy taalkundige rykdom bringt my op in lêste opmerking. Jansen har dis-sertaasje hat primêr in sosjaal perspektyf op 'e taal. Dat is útsoarte legitym en it smyt wol wat op, mar hiel spektakulêr is dat no ek wer net. Op It Ame-lân feroaret it dialekt ek yn 'e rjochting fan 'e standerttaal, en lykas op oare plakken rinne de froulju dêrby foarop. De fokus op it sosjale hat automatysk makke dat der minder de klam op it taalkundige sels lein is. Wat dat oangiet is der by in eventuele ferfolchstúdzje oangeande it Amelânsk noch gâns te winnen, kwa djipgong mar ek yn it empiryske berik. It Amelânsk hat datoangeande mear te bieden as dat no út Jansen har acht eilanner fariabelen nei foaren komt.

*Fryske Akademy
Ljouwert*

LITERATUER

- Bree, C. van & A.P. Versloot (2008), *Oorsprongen van het Stadsfries*. Ljou-wert, Fryske Akademy & Afûk.
- Burg, A.C.B. van der (1991), *Woardeboek fan ut Leewarders*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Fokkema, K. (1937), *Het Stadsfries. Een bijdrage tot de geschiedenis en de grammatica van het dialect van Leeuwarden*. Assen, Van Gorcum.
- Giles, H., Bourhis, R.Y. & Taylor, D. (1977), 'Toward a theory of language in ethnic group relations'. Yn: H. Giles (útj.), *Language, ethnicity, and intergroup relations*. London, Academic Press.
- Gorter, D. en dy (1984), *Taal yn Fryslân*. Ljouwert, Fryske Akademy.

- Hoekstra, J. (1990), 'Adjectiefnominalisatie in het Fries', *Tijdschrift voor Taal- en Tekstwetenschap* 9, 273-285.
- Jansen, M. (2001), 'Dialect op een eiland', *Taal en Tongval* 53, 22-37.
- Jonkman, R.J. (1993), *It Leewarders. In taalsosjologysk ûndersyk nei it Stedsk yn ferhâlding ta it Nederlânsk en it Frysk yn Ljouwert*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Kloeke, G.G. (1920), 'De aanspreekvormen in de dialecten onzer Noorderlijke provinciën', *Tijdschrift voor Nederlandsche Taal- en Letterkunde* 39, 238-273.
- Koldijk, J.D. (2004), *Het Bildts, zijn wezen, herkomst en problematiek*. Ljouwert / Leeuwarden, Fryske Akademy.
- Labov, W. (1963), 'The social motivation of a sound change', *Word* 19, 273-309.
- Oud, A.G. (1987), *Woa'deboek fan ut Amelands*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Smit, J. (1971), 'Skylge en syn tael', *Us Wurk* 20, 19-26.
- Tiersma, P.M. (1999²), *Frisian Reference Grammar*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Visser, W. (1997), *The Syllable in Frisian*. Proefskrift Vrije Universiteit, Amsterdam.